

## Sjueryrapport foar de Simke Kloostermanpriis 2022

Datum: freed 23 septimber 2022, 15:00 oere

Sjuery: Jant van der Weg, Arjan Hut en Martsje de Jong (sjueryfoarsitter)

Winner: I.E. Bloem, mei it boek 'It neidiel fan 'e twivel' (Afûk 2021)

Achte oanwêzigen, goeiemiddei allegearre,

It is hjoed, freed 23 septimber 2022, de fjirtjinde kear dat de Simke Kloostermanpriis útrikt wurdt oan it bêste berneboek dat de ôfrûne trije jier yn it Frysk ferskynd is. It bêste oarspronklike berneboek, wol te ferstean, want oersettingen en safolste printingen dogge by dizze priis net mei. Dizze útrikking hie eins op freed 20 maaie wêze sillen, mar koe doe net trochgean om't de mem fan de winner de deis tefoaren ferstoar. Tige fertrietlik en ek hjoed wurdt sy och sa mist, want wat wie se grutsk en wat hie se der graach by west. Mar fan 'e middei is it feest. Mei út namme fan myn kollega-sjueryleden Arjan Hut en Jant van der Weg wol ik jim meinimme yn it ta stân kommen fan ús einoardiel.

Fjirtich boeken hawwe wy de ôfrûne winter troch west, al wiene it dan ek yn haadsaak boekjes. Dy rispinge leit dus net hiel oars as yn de ôfrûne twa perioaden dat de Simke Kloostermanpriis útrikt waard. Fjirtich titels, dat klinkt as in soad, mar as jo betinke dat dêrby elk boekje út searjes as Tomke en Sipke ôfsûnderlik meiteld wurdt, dan kinne jo begripe dat de eigentlike opbringst in gâns minder rynsk ferskaat opsmyt as dat it him ynearsten oansjen lit en dat mei en moat ús mei-inoar och sa spite.

Wêr leit him soks oan? Hawwe wy yn ús lytse taalgebiet Fryslân dan mar sa'n bytsje skriuwers? Nee, dat falt wol in slach ta, teminsten, as ik sjoch nei it tal skriuwers dat yn de ôfrûne trije jier in nij berneboek ôfleverre. Fansels, de grutmasters Lida Dijkstra en Hanneke de Jong skodzje suver alle jierren ien of twa boeken út harren toetseboerd en ek Thys Wadman is wakker produktif. Mar der wiene ek fiif debutanten yn dizze perioade. Trije fan harren waarden troch ús nominearre, al wie dat fan I.E. Bloem dan wol syn twadde boek; it earste, 'Eudaimonia', útjûn troch de KFFB en wol deeglik in jeugdroman, stie net as sadanich te boek en hawwe wy dus ek net beoardielje kinnen.

Skriuwers binne der dus wol, mar it liket derop dat de stimulâns om mei in echt bysûnder boek te kommen, ûntbrekt. Of is it de begelieding dy't ûntbrekt? Faaks dogge wy yn Fryslân te min oan echte redaksje, binne wy net kritysk genôch, binne wy te maklik. It foel ús op dat boeken ús gauris net ferrasse. By de boeken foar de jongere bern moat it te faak komme fan

de yllustraasjes. Mar foar wat benammen de boeken foar de boppebou fan de basisskoalle en ûnderbou middelbere skoalle oanbelanget, liket it wol as binne wy bang om te skriuwen. Benaud om in ferhaal út te wurkjen. Benaud dat it te lang wurdt, it boek te tsjûk. Dat bern it dêrom net lêze sille.

Wat sprekt oan? Wurdt dêr ûndersyk nei dien? Doe't ik as sjuery fan in foarlêswedstriid foar brêgeklassers de bern frege hokker boeken se graach lêze, hearde ik: fantasy, aventoerlik, science fiction en thrillers. Utsein it winnende boek, It neidiel fan 'e twivel, dat wol eleminten fan in thriller hat, komme dizze sjenres yn Fryslân net folle foar, blykber.

De bern kieze ek op omkaft, seine se. Dat is it fisitekaartsje fan it boek. Ik soe elk hjir mei jaan wolle: praat mei de doelgroep. Wit foar wa't jim skriuwe. Lit jim ynformearje troch bibleteekmeiwurkers, troch learkrêften en troch de bern sels. Miskien is it in idee dat Fryslân in bernesjuery krijt, sa't der ek in Nederlandse Kinderjury is. Mar faaks is it ek aardich om bygelyks in panel fan bern te hawwen dat nije Fryske boeken lêst en deroer flogt, Tiktokfilmkes makket of sokssawat, yn alle gefallen eat dat oare bern berikt. Want bern sneupe gjin kranten nei op in boeke-advertinsje, stappe net spontaan in boekwinkel yn. De promoasje moat dus dêr jûn wurde dêr't de bern binne: op skoalle en op social media.

Fryske berneliteratuer sit yn in rare fisjeuze sirkel: bern lêze hieltyd minder en op skoallen wit men mar amper wat der te krijen is. Boekhannels keapje hast net yn, útjouwers wurde skruten, der wurdt beknibbele op redaksje en noch mear op promoasje en sa ûntsinkt ús stadichwei de moed, sa't it liket. Hoe grut is myn respekt foar Lida Dijkstra, dy't har as berneboeke-ambassadeur it fjoer út 'e sloffen rint en alle skoallen bydel giet en dêr de bern en learkrêften om har tige betûfte skriuwersfingers wynt. Feitliken moast de sutelkroade der alle kearen fuort achteroan rôlje, sadat heiten en memmen, pakes en beppes mar ta de beurs kinne om it izer te smeien as it opwaarme is. Mar, minsken, hoe goed soe it ek wêze as alle skoallen geregeld in krantsje krigen mei de nijste Frysktalige jeugdliteratuer.

Fiif boeken mar leafst hawwe wy nominearre foar de Simke Kloostermanpriis 2022 en alle fiif boeken binne ornearre foar âldere bern. Nominaasjes binne wichtich. Hast like wichtich as de priis sels. In nominaasje is in stimulâns, want do hast in boek skreaun dat der blykber útspringt. Hast kwaliteit levere. In nominaasje smakket nei mear, dy priis bygelyks. It is goed foar dyn persoanlike pr as skriuwer, it sprekt ta de ferbylding en kin as sadanich helpe by it oanfreegjen fan wurkbeurzen. Dêrom myn pleit foar nominaasjes, sa't dy no tapast is troch it Simke Kloostermanlien. Ek foar bygelyks de Gysbert Japicxpriis. Us skriuwers hawwe der ferlet fan te witten dat se in boek of bondel skreaun hawwe dy't hast likegoed is as dy fan de winner. Stimulâns is it biedwurd.

Sa, dat aai is lein.

Fiif nominaasjes, trije debutanten. Dat hawwe wy der net om dien, dat sis ik der al fuort even by, want jim kinne it leauwe of net, doe't wy begjin febrewaris foar de earste kear mei ús trijen byinoar kamen om te sjen hokker boeken wy in nominaasje wurdich achten, wiene

wy samar út 'e ried. Op ien boek nei hiene wy deselde favoriten. Soks is dochs wol bysûnder. Dat it listje fan fiif wie der yn in sucht.

Ik neam se jim alle fiif. Wurden fan Timo, fan Tialda Hoogeveen; Jesse, fan Mindert Wijnstra; In nuvere nacht, fan Anne-Goaitske Breteler; It deiboek, fan Janny van der Molen; en It neidiel fan 'e twivel, fan I.E. Bloem. Stik foar stik boeken dy't ús jongerein mei nocht lêze kin, dêr't it ferhaal fan goed yninoar sit. Al sizze wy der al by: beknibbelje noait op redaksje en korreksje, want soks docht ôfbrek oan it resultaat, en tink goed nei oer it omkaft. Fansels giet it by in boek om de ynhâld, mar ik soe lige as ik sei dat uterlik net in grutte rol spile. De earste yndruk is ommers de boekfersoarging. In boek dat dochs wat fodderich útjûn is, mei in min te ûnderskieden titel op it omkaft, stiet yn it foar al mei 2-0 efter. Wês dus net te maklik yn de ôfwurking. De bern moatte it tusken al dy oare boeken wei pakke, ommers?

Dy fiif hiene wy dus, mar doe gie it om priis en preemje. Op 'e nij wiene wy wakker ienriedich. Alle trije hiene wy deselde beide boeken dêr't wy noch in twadde kear nei sjen

woene om ta de winner te kommen. Dêr joegen wy ússels fjirtjin dagen de tiid foar, mar dat wiene der úteinlik tolve tefolle. Wy kamen ta in moai risseltaat:

De Simke Kloostermanpriis 2022, jim witte it ûnderwiles, is foar it boek *It neidiel fan 'e twivel*, fan I.E. Bloem. In ferhaal dat fan begjin oant ein boeit, dat, sa't Arjan Hut sa moai ferwurde: yn je harsens, it brein dus, tatoeëarre wurdt.

*It neidiel fan de twivel* is de twadde Young Adult roman fan dizze auteur, in nije stjer oan it Fryske firmamint as it giet om jongereinboeken. In roman yn de kategory Young Adult, sa't dat sa moai hjit, mar ek foar folwoeksenen noch hiel moai.

Bas sil op útwikseling nei Bergamo. Hy is in jonge fan 17 jier, dy't yn syn libben al it nedige meimakke hat. Syn heit is dea, syn mem besiket mei lijen de eintsjes oaninoar te knoopen, syn jongere suske wit har mar amper steande te hâlden en Bas sels wurdt narre. Hy is stil, lit it efterste fan 'e tonge net sjen. Syn klasse- en reisgenoatsje Vera is krekt oarsom, in populêre en opportunistyske jonge frou yn wurding. Yn Bergamo sille se nei skoalle, mar dan brekt de koroana-pandemy út. De problemen fan Bas en de problemen fan it Italjaanske famke Julia dêr't er slim fereale op wurdt, komme allegearre yn in skerp ljocht te stean as de regio op slot giet en Vera en Bas nei hûs moatte.

It ferhaal is aktueel, skerp, ferrassend en yntrigearjend. De personaazjes wurde hiel moai tekene yn harren aard en ûntwikkeling sûnder dat de auteur ferslacht yn wiidweidige omballingen en sûnder dat der ek mar in momint in oardiel yn it skriuwen sit. Ek de falkûle fan it op de foargrûn bringen fan de koroanakrisis en alles wat dêrmei mank wie, wit de skriuwer fakkundich te omsilen. It spilet, lykas safolle saken yn dit ferhaal, in rol op de eftergrûn.

I.E. Bloem melkt de koroanakrisis net út, likemin as de sosjale ferskillen tusken Vera en Bas. Noait wurdt it tema fan it ferhaal út it each ferlern dêr't it om draait: de ûntwikkeling fan Bas yn dy pear wichtige wiken yn Bergamo. Want Bas feroaret fan in stille, weromlutsen jonge,

dy't de slachtofferrol foar kar nimt, yn in jongeman dy't ferantwurdlikheid drage wol en selsstannich beslissingen nimt, ek al pakke dy gauris ferkeard út. De lêzer reizget mei yn de tinkwrâld fan Bas, de spanning is taastber as er stadich mar wis de rôze oaljefant yn syn libben beneamt en in plak jout. Lang bliuwt yn it midden wat der no krekt te rêden is. Hoe kaam Bas syn heit om it libben? Wat is de wierheid fan Julia? Sels oan de ein ta bliuwe der noch fragen oer, want, hoe soe it no fierder gean?

De skriuwer wurket yn in hieltyd heger tempo nei de ein fan it ferhaal ta, dêrby tûk boartsjend mei wat er wol en net sjen lit. Dêrby slút syn skriuwstyl neffens myn pubers thús goed oan by hoe't sy yn de wrâld stean. Se leauwe it ferhaal, it nimt harren mei.

Mei I.E. Bloem hat Fryslân der in baas jeugdboekeskriuwer by. 'It neidiel fan 'e twivel' is in bysûndere oanwinst foar de jeugdliteratuer, dy't it neffens ús ek yn in oersetting, Nederlânsk of oars, goed dwaan kin en wy sprekke dan ek mei klam de winsk út dat de Afûk, ek al kinne se mei troch har eigen reglemint gjin Nederlânsktalich boek útjaan, har derfoar ynspanne sil dat dit boek fierder komt as ús eigen provinsje.

Hjirby lokwinskje ik út namme fan de sjuery de skriuwer fan herten mei dizze priis en wy sjogge út nei it folgjende ferhaal.

Ik wol graach de wurdearring útsprekke foar it bestjoer fan de Stifting Simke Kloostemanlien foar it betrouwen dat hja yn ús steld hawwe en foar it yn stân hâlden fan dizze wichtige berneboekepriis. Dat kommende hjerst foar it earst de Diet Huberpriis, de Fryske yllustraasjepriis, útrikt wurde sil, is in moaie oanfolling fan de Fryske boekeprizen. Mei ek in Obe Postmapriis foar oersetten berneboeken derby is it supertrio foar de Fryske jeugdliteratuer no einlik folslein.

Myn tank is ek foar jim, Arjan Hut en Jant van der Weg, foar de mear as noflikke gearwurking, sels yn tiden dat it libben in leel útdielde en privee-omstannichheden it tinken oan boeken en prizen dreech makken. Mei ús trijen wiene wy neffens my in knap slutend partoer en ik fûn it in eare en in feest om mei jim dizze fjirtjich boeken te beoardieljen.

Tige tank foar jim oandacht.